

*In bytsje oer gâns
In lytse bydrage ta de stúdzje fan it
Fryske kwantifiseardersysteem*

Jarich Hoekstra

Summary

In this article I investigate the basic properties of the adjective, adverb and quantifier gâns ‘whole; very, much; quite (some)’ in West Frisian. Special attention is paid to the semantics and the syntactic status of intensifying/quantifying gâns in noun phrases like gâns in stêd ‘quite a city’ and gâns boeken/jild ‘quite some books/money’. I will discuss gâns in relation to other degree denoting elements (in soad, frijwat, exclamatives) and in this way try to more closely determine its place in the West Frisian quantifier system.

1. Yn ‘t foar

It Frysk hat in nijsgjirrich systeem fan kwantifisearders.¹ Benammen de wurden foar ‘in soad’ en ‘in bytsje’ ha opfallende eigenskippen. De hege graad-kwantifisearder *folle* is negatyf polêr, d.w.s. hy komt inkeld yn ‘negative’ konteksten foar (ferl. (1a)), en de lege graad-kwantifisearder *min* kin allinnich mar brûkt wurde nei it graadwurdsje *te* (ferl. (1b)). Moolk dêrom makket it Frysk frijwat gebrûk fan kwantifisearjende haadwurdkloften lykas *in soad* en *in bytsje* (ferl. (1c,d)). Apart oan dy haadwurdkloften is wer dat se fan ‘e korrespondearjende útdrukkingen yn ‘e buortalen (bgl. Hollânsk *een boel* en *een beetje*) ôfwike, mei’t se relatyf binne, d.w.s. evaluearre wurde neffens in kontekstueel fêstsette noarm (sjuch foar it ferskil tusken relative en absolute kwantifisearders it besprek yn par. 4).

- (1) a. Der wiene *(net) **folle** minsken op ‘e begraffenis
b. Der wiene *(te) **min** minsken op ‘e begraffenis
c. Der wiene navenant **in soad** minsken op ‘e begraffenis
d. Der wiene mar **in bytsje** minsken op ‘e begraffenis

1 Dit artikel is in bewurking fan in lêzing dy’t ik tefoarenbrocht ha op ‘e Dei fan ‘e Fryske taalkunde, op 29 oktober 2010, te Ljouwert. Foar yngeand kommentaar op in kladde fan it artikel betankje ik Siebren Dyk, Eric Hoekstra en Willem Visser. Eric Hoekstra sis ik ek tank foar in útdraai mei alle gefallen fan gâns foar ûnbeskaat lidwurd yn ‘e Taaldatabank fan ‘e Fryske Akademy.

Oer it Fryske kwantifiseardersysteem en syn eigenskippen is yn 'e literatuer al it ien en oar skreaun (Tamminga 1973a,b, E. Hoekstra 1996, 2010, J. Hoekstra 2000a), mar in folslein byld fan 'e syngroane struktuer en de diagroane ûntjouwing dêrfan ha wy noch lang net. Dat hinget ek gear mei it feit dat noch net alle eleminten yn it systeem yngeand ûndersocht binne, wat fansels betingst is om in klear ynsjuch yn it gehiel te krijen. Yn dit artikel wol ik in wurd foar 'in soad' op it aljemint bringe, dêr't oant no ta net folle omtinken oan jûn is, te witten *gâns*. It artikel is in earste ferkenning fan 'e syntaktyske en semantyske eigenskippen fan dat wurd. Om te begjinnen besjuch ik it gebrûk (par. 2) en it komôf (par. 3) fan Frysk *gâns* yn 't algemien. Dêrnei besprek ik de betsjutting en de syntaktyske status fan yntinsivearjend/kwantifisearjend *gâns* yn haadwurdkloften fan it slach *gâns in stêd* en *gâns boeken/jild* (par. 4-8). Yn dat besprek sil de ferhâlding fan *gâns* ta oare graadoantsjuttende eleminten (*in soad*, *frijwat*, eksklamativen) ek tepraat komme en sil besocht wurde om it plak fan *gâns* yn it Fryske kwantifiseardersysteem neier te bepalen. Paragraaf 9 jout in stikmannich einslutende opmerkingen.

2. It gebrûk fan *gâns* yn it Nijfrysk

It wurd *gâns* komt yn it Frysk as eigenskipswurd, bywurd en ûnbeskaat foarnamwurd/telwurd foar (sj. WFT 7, s.v. *gâns*). Yn syn eigenskipswurdlik gebrûk hat it de kompletive betsjutting 'hiel, folslein' en fungearret it as in net botte gebrûkljike stilistyske (ferswierre) fariant fan *hiel*. It hat as eigenskipswurd meast de foarm *gânsk* mei in ûnetymologyske *k* oan 'e ein.² Sa fynt men it bygelyks yn:

- (2) Krekt oer de hage hinne laei de **gânske** moanneljochte wrâld foar hjar each
[R. Broelsma, *Heechhûf* 91 (1926)]

As kompletyf eigenskipswurd is *gâns(k)* (mei in stikmannich útwreide farianten) benammen hiem yn 'e ferbining mei *dei* (en oare tiidoantsjuttingen):

2 Eigenskipswurden op -s krije yn it Frysk wol mear in ûnetymologyske *k* troch betizing mei it efterheaksel -sk dat yn 'e sprutsen taal ûnder Hollânske ynfloed gauris as -s foarkomt (sj. Tamminga 1963, van der Meer 1988). Oare foarbylden fan sokke hyperkorrekte foarmen binne jaloers(k), ûndogens(k), foaryns(k), sneins(k).

- (3) Sitte jimme hjir de (hie) (god)**gâns(k)e/gânslike** dei te kaarten?!

Gâns(k) kin yn eigenskipswurdlik gebrûk ek in yntinsivearjende betsjutting '(hiel) grut, lang, wichtich ensfh.' ha:

- (4) a. In **gânske** skare fen minsken [Sipke Huismans, *Tinkstien* 53 (a. 1924)]
b. En fensels, der wirde ek **gânse** forhalen dien [Jan Jelles Hof, *Heit*. 339 (1924)]

It hat yn dat gefal in moai sterke klam. Wenstiger is hjir wer *hiel* (in *hiele skare*).

Deselde yntinsivearjende betsjutting as yn (4) hat *gâns* ek yn bywurdlik gebrûk, at it yn in haadwurdkloft mei in telber haadwurd foar it ûnbeskaat lidwurd stiet. Ferlykje:

- (5) a. Kiel is **gâns** in stêd
b. Hy hat yn 'e rin fan 'e jierren **gâns** in bedriuw opboud
c. De lytse jonge hie him **gâns** in gat yn 'e holle fallen
d. Der gie **gâns** in rop fan dy sjonger

It kin dêr lykwols net troch *hiel* út it stee keard wurde (ferl. **Kiel is hiel in stêd* njonken *Kiel is in hiele stêd*).

Yn it gebrûk foar ûnbeskaat lidwurd wurdt *gâns* tige faak kombinearre mei haadwurden dy't in mjitte (fan tiid, ôfstân, hoemannichte) oantsjutte:

- (6) a. Hja hie **gâns** in skoft wekker lein fannacht
b. It is **gâns** in ein rinnen nei it strân ta
c. Fan Balk nei Ljouwert op 'e fyts is **gâns** in gisel
d. Dy doktersrekken wie **gâns** in slompe jild
e. Der stie **gâns** in stik wyn

It kin ek foarkomme mei evaluative haadwurden, d.w.s. haadwurden dy't in posityf of negatyf wurdearre eigenskip útdrukke (op it gebrûk fan *gâns* by evaluative haadwurden kom ik yn paragraaf 7 noch wiidweidiger werom):

- (7) Sibe is **gâns** in keardel wurden³

3 Fr. W. (1900, s.v. *gâns*) jout ek „Hy is *gâns* gjin keardel, een deugniet“. Dat sil wol in gekoanstekkerige fariaasje wêze op Hy is *gâns* in keardel.

Sin (7) betsjut safolle as dat Sibe tige 'keardeleftich' (grut, flink en sterk) wurden is.

Dúdlikkwantifisearjend is *gâns* syn syngebrûkas ûnbeskaat foarnamwurd/telwurd mei de betsjutting 'frijwat, in soad' foar meartallige haadwurden (ferl. 8a,b) en foar net-telbere haadwurden (ferl. (8c,d)):⁴

- (8) a. Yn Grins wenje **gâns** studinten
- b. Der binne fan 't jier **gâns** nije boeken ferskynd
- c. Dy pleats hat **gâns** jild opbrocht
- d. Op it omslach is **gâns** flyt dien

Gâns kin yn dy betsjutting ek selsstannich brûkt wurde (ferl. ek Sytstra & Hof 1925, 102):

- (9) a. Ik ha dy **gâns** te fertellen
- b. Der binne **gâns** dy't dat noch net begrepen ha

As bywurd dat de tiidwurdkloft modifisearret hat *gâns* in yntinsivearjende betsjutting 'tige'. Ferlykje:

- (10) a. Hy hat it bedriuw **gâns** útwreide
- b. It hat **gâns** reind fannacht
- c. Jouk is nei har sykte al wer **gâns** opknappt

As yntinsivearjend bywurd foar eigenskipswurden kin *gâns* boppedat noch 'hiel, tige' betsjutte, at it foar in posityf, en 'folle', at it foar in komparatyf stiet:

- (11) a. Nei syn siikwêzen wie er **gâns** beklonken
- b. Op in freed wie er **gâns** stuitrich thúskommen

- (12) a. Us mem har rezyntsjebrij wie **gâns** lekkerder as dat guod út 'e winkel
- b. Der wiene **gâns** mear besikers as ferline jier
- c. Hy hie it him **gâns** oars foarsteld⁵

4 Ik sil hjirûnder (yn par. 5) sjen litte dat *gâns* yn dit gebrûk winliken ek in bywurd is, lykas *gâns* foar in ûnbeskaat lidwurd yn (5-7).

5 Foar de status fan oars tusken posityf en komparatyf sjuch J. Hoekstra (2000b).

It gebrûk foar komparativen is yn it hjoeddeiske Frysk gewoaner as foar positiven.

Yn dit artikel is it my earst en meast te rêden om it yntinsivearjende/kwantifisearjende gebrûk fan *gâns* yn 'e foarbylden yn (4-9). Sa't in ferliking mei de wjergaders fan *gâns* yn 'e oare Germaanske talen yn 'e neikommende paragraaf sjen litte sil, is it Fryske *gâns* benammen yn dat gebrûk syn eigen paad gien.

3. Frysk *gâns út in diagroan en komparatyf eachweid*

Gâns komt oarspronklik út it Dútsk, dêr't *ganz* noch altiten it gewoane wurd foar 'hiel, folslein' is. It Dútske wurd, dat mei de typyske Heechdútske lûdferskowing (affrikatisearing) fan *t* ta *ts* tebekgiet giet op in foarm **ganta-* (ferl. Heidermanns 1993, 232), hat al ier yn 'e oanbuorjende talen wreide. Yn it Midleechdútsk ferskynt it as *ganz*, yn it Midnederlânsk as *gan(t)s*.⁶ Oer it Midleechdútsk is it yn 'e Skandinavyske talen trochkrongen: Deensk, Noarsk *ganske*, Sweedsk *ganska*.⁷ Ut it Midnederlânsk of it Midleechdútsk wei is it ek yn it Aldfrysk oernommen as *gans* 'hiel, folslein' (ferl. Hofmann/Popkema 2008). It Dútske lienwurd hat yn net ien fan 'e talen dy't it liend hawwe it fierhinne synonyme 'hiel' út it stee kringe kinnen.

Yn it Midfrysk fynt men *gâns* al yn 'e measte betsjuttingen dy't letter ek yn it Nijfrysk foarkomme:⁸

- | | | |
|---------|--|-------------|
| (13) a. | Yn 't Jier fen santien hondert twa /
do letten al uws klockin / ...
Jn dat al oor uws gants Frieslaan [1702c] | ('hiel') |
| b. | It noot wie gans beslingre fin de rein [1774a] | ('tige') |
| c. | It fororet, en wut gans better [1779m48] | ('folle') |
| d. | Hy joeg har loekewol op t læst nog gâns
toa dwaan [1747a] | ('in soad') |
| e. | Wy makken mei eltjoor
der gans plesier [1774a] | ('in soad') |

6 Foar *ganz* yn it hjoeddeiske Leechdútsk sjuch Mitzka (1970).

7 Foar in ferklearring fan 'e k yn dy foarmen - analogy neffens adjektyffoarmen lykas Sweedsk dansker (masc.) - danst (neutr.) 'Deensk' - sjuch Hansen (1956) en Brøndum-Nielsen (1957-1961).

8 De foarm *gants* yn (13a) soe der op wize kinne dat it wurd ynearsten ek noch mei in *t* tusken *n* en *s* útsprutsen wurde koe. De hjoeddeiske nasalearre foarm moat fansels tebekgean op 'e foarm sûnder *t*.

Opfallend is lykwols dat *gâns* yn it Midfrysk yn kombinaasje mei de neehiting *net of gjin (nin)* ek ‘hielendal, alhiel’ betsjutte kin:

- (14) a. Dit aed Wijf joegh hier op te antwird /
 dat har **gans net** onbekend wier /
 hoe wreed di Keuningh wier [1778h]
 b. Myn flæsk is mægger, læuw dit wis, /
 Zoa dat der **gans nin** fet oon is [1755r109]

Dat gebrûk fan *gâns* is sa't it liket yn it Nijfrysk alhiel weiwurden. Yn âlder Hollânsk fynt men *gans(ch)* as ‘hiel’, ‘tige’ en ‘folle’ en ek as ‘hielendal’ mei neehjiting (sj. WNT s.v. *gansch I*), dat men mei derfan útgean dat de ûntjouwing fan Frysk *gâns* in einhinne mei dy fan Hollânsk *gans(ch)* lykop rûn is.

De betsjuttingsûntjouwing ta ‘frijwat, in soad’ oppenearret him lykwols sa't it liket inkeld by Frysk *gâns*. Allinnich yn it Grinslânske Westerkertier kin *gaans* ek ‘frijwat, in soad’ betsjutte, bygelyks yn *Hai har gaans senten* (Ter Laan 1952), mar dêr sil wol ynfloed fan it Frysk yn ‘t spul wêze. It gebrûk fan *gâns* foar it ûnbeskaat lidwurd (ferl. (5-7)), dat yn it Midfrysk net oerlevere is, liket ek typysk Frysk te wêzen. Ien en oar ropt in pear fragen op: Wat binne de semantyske en syntaktyske eigenskippen fan *gâns* ‘frijwat, in soad’ en *gâns* foar ûnbeskaat lidwurd en hoe ferhâldt *gâns* him ta ferlykbere ileminten yn it Frysk? Dy fragen sil yn ‘e neikommende paragrafen neier op yngien wurde.

4. De betsjutting fan *gâns* ‘frijwat, in soad’

It kwantifisearjende *gâns* haw ik út ‘en rûgen mei ‘frijwat, in soad’ oerset. Yn in sin lykas (15) ha de kwantifisearders *gâns*, *frijwat* en *in soad* yn it earste oankommen yndie in einhinne deselde betsjutting; men soe alle trije wurden mei Hollânsk ‘veel’ oersetten kinne.

- (15) Hy hat **gâns / frijwat / in soad** boeken

Mar at men de trije wurden yn mear konteksten bestudearret, docht bliken dat der wol foargoed ferskillen binne. In earste ferskil is dat *in soad* en *frijwat* relatyf binne en *gâns* absolút, d.w.s. al of net evaluearre wurde neffens in kontekstueel fêstsette noarm. Soks docht ûnder oaren bliken oan it feit dat *in soad* en *frijwat* mei *navenant* kombinearre wurde kin, lykas yn (16), en dat se yn ferlykjende sinnen lykas (17) foarkomme kinne; *gâns* is dêr útsletten:

- (16) Hy hat navenant ***gâns / frijwat / in soad** boeken

- (17) Hja fertsjinnet ***gâns** / **frijwat** / **in soad** foar in kassafamke

In oar ferskil tusken *in soad* oan 'e iene en *gâns* en *frijwat* oan 'e oare kant is dat *in soad* yn negative konteksten foarkomme kin en *gâns* en *frijwat* net:

- (18) Hy hat net ***gâns** / ***frijwat** / **in soad** boeken

Gâns en *frijwat* binne mei oare wurden posityf polêr. Fierders liket it der op dat *gâns* en *frijwat* yn tsjinstelling ta *in soad* net-neutraal binne: *frijwat* drukt in understatement út en *gâns* is emfatysk.⁹ Dêrom is *gâns* net mooglik yn in sin lykas (19):

- (19) Do hast mar ***gâns** / **frijwat** / **in soad** boeken!

It modale partikel *mar* beklammet de wierheid fan 'e útspraak dy't yn 'e sin dien wurdt. Dat docht it emfatyske *gâns* yn (19) lykwols ek. Dêrom laat it brûken fan *mar* en *gâns* yn dy sin ta in tautology.

Wat ferlykbers obstrewearret men yn sin (20). Troch de klam op *boeken* wurdt al oantsjut dat it om in kwantiteit giet dy't grutter is as sljuchtweihinne. Dêrom is it brûken fan *gâns* hjir wer tautologysk. Boppedat is no it brûken fan in understatement lykas *frijwat* ek net mear mooglik:

- (20) Hy hie ***gâns** / ***frijwat** / **in soad** boeken!

Ferlykje ta beslút noch de neikommende sinnen:

- (21) a. Hy hie **gâns** / **frijwat** / **in soad** jild fertsjinne
b. Ik wol letter ?***gâns** / ***frijwat** / **in soad** jild fertsjinje

Wylst yn it algemiene (21a) alle trije kwantifisearders yn prinsipe mooglik binne, is yn 'e selsbewuste, saaklike útspraak (21b) in understatement net teplak en in emfatyske útdrukking op syn minst apart.

Yn 'e tabel yn (22) haw ik de semantyske skaaimerken fan *gâns*, *frijwat* en *in soad* nochris gearfette:

9 Sjuch foar in teory oer de ferbining tusken (positive of negative) polariteit en retoaryske wearde (emfaze of understatement) by kwantifisearjende ileminten Israel (1996, 1998) en Klein (1997): 'highscalar emfatisers' lykas *gâns* en 'lowscalar understaters' lykas *frijwat* binne beide posityf polêr.

(22)	<i>gâns</i>	<i>frijwat</i>	in soad
relatyf	-	+	+
posityf polêr	+	+	-
understatement	-	+	-
emfatysk	+	-	-

Wy kinne fêststelle dat *gâns* en *frijwat* beide posityf polêr binne, mar inoars retoaryske tsjinhingers. It ferskil yn relativiteit hinget foar ‘t neist gear mei de retoaryske wearde: allinnich absolute kwantifisearders kinne emfatysk wêze en allinnich relative kwantifisearders kinne in understatement útdrukke.

5. Predeterminearders

Nei’t út ‘en rûgen de betsjutting fan *gâns* fêststeld is, sille yn dizze paragraaf de wichtichste syntaktyske eigenskippen fan *gâns* op it algemint komme. Ik soe der op út wolle dat haadwurdkloften lykas *gâns in stêd* en *gâns boeken/jild* deselde syntaktyske struktuer ha en dat *gâns* yn beide gefallen in bywurd is dat foar de determinearder stiet. Dat is dúdlikernôch it gefal yn *gâns in stêd*, dêr’t *gâns* foar it lidwurd *in* stiet, mar ik sil sjen litte dat der reden is om oan te nimmen dat *gâns* yn *gâns boeken/jild* ek foar it (fonetysk ornaris net realisearre) lidwurd stiet.

De measte Germaanske talen hawwe in stikmannich kwantifisearjende ileminten dy’t foar it beskaat lidwurd of mear algemien foar de beskate determinearder stean kinne, saneamde predeterminearders (ferl. Quirk et al. 1985). It bekendste is it universeel kwantifisearjende *al*. Ferlykje:

- (23) a. al de famkes
 b. al (de boer) syn hinnen
 c. al dat jild

Al wurdt ornaris mei meartallige haadwurden en stofnammen kombinearre, mar der binne in pear fêste ferbiningen dêr’t *al* by in telber ientallich haadwurd stiet en in kompletive betsjutting hat:¹⁰

- (24) a. al de wrâld
 b. al syn libben

10 It is faaks net alhiel tafallich dat de haadwurden *wrâld* en *libben* de grutst mooglike omfieming yn romte en tiid oantsjutte (tank oan Siebren Dyk foar dy obstrewaasje).

Ynstee fan *al de wrâld* of *al syn libben* kin men ek it gewoanere *de hiele wrâld* of *syn hiele libben* brûke. Yn it Hollânsk kinne kompletyf *heel* en it âldfrinzige *gans* net allinnich as eigenskipswurd nei it beskaat lidwurd en oare determinearders brûkt wurde, mar ek as net-bûgde kwantifisearder derfoar:¹¹

- (25) a. de hele wereld / heel de wereld ‘de hiele wrâld, al de wrâld’
b. z’n hele familie / heel z’n familie ‘syn hiele famylje’
c. het ganse volk / gans het volk ‘it hiele/gâns(k)e folk’

Yn it Dútsk kin *ganz* as eigenskipswurd ek mei meartallige haadwurden en stofnammen foarkomme en is dan wer rein universeel kwantifisearjend:

- (26) a. die ganzen Bäume ‘al de beammen’
b. das ganze Geld ‘al it jild’

De semantyske oerienkomst tusken ‘al’ en ‘hiel’ dy’t men yn ‘e boppesteande foarbylden obstrewearje kin, sit him yn it feit dat beide universeel kwantifisearjend binne. It ferskil is dat ‘hiel’ ornaris partityf is, d.w.s. ‘hiel’ kwantifisearret oer parten; *de hiele stêd* betsjut safolle as ‘de stêd yn al syn dielen’ (ferl. Moltmann 1997).¹²

Yn it Ingelsk kin *half* ‘heal’ sawol foar beskate as foar ûnbeskate determinearders stean:

- (27) a. half the country ‘it heale lân’
b. half an apple ‘in heale apel’

11 Sjuch foar in analyze fan ‘e predeterminearders al en hiel yn it Hollânsk De Belder (2009).

12 Sjuch foar in besykjen om Hollânsk al en heel (en veel) net allinnich semantysk, mar ek struktureel mei-inoar gear te bringen Postma (1995).

Ta de ileminten dy't foar in ûnbeskate determinearder stean kinne, heart it Fryske yntinsivearjende *gâns* ek, sa't wy al sjoen hawwe:¹³

(28) *gâns* in stêd

Ik soe der no op út wolle dat it kwantifisearjende *gâns* 'frijwat, in soad' by meartallige haadwurden en stofnammen ek foar it ûnbeskaat lidwurd stiet. Dat is lykwols by sokke haadwurden ornaris it lege lidwurd Ø:

(29) a. *gâns* Ø boeken
 b. *gâns* Ø jild

In earste oanwizing dat dat de krekte analyze is, is it feit dat it lege lidwurd 'leksikalisearre' wurde kin troch *wat*:

(30) a. *gâns* wat boeken
 b. *gâns* wat jild

De haadwurdkloften yn (29) en (30) hawwe gjin ferskil fan betsjutting dat makket.

Hoewol't it yn kombinaasje mei *gâns* as in leksikale fariant fan it lege lidwurd opfette wurde kin, tsjut *wat* ornaris, d.w.s. at der net *gâns* foar stiet, in lytse hoemannichte oan. Wylst yn *Hy hat boeken kocht* it tal iepen is, giet it yn *Hy hat wat boeken kocht* om in stikmannich. Yn kombinaasje mei *gâns* tsjut *wat* lykwols in grutte hoemannichte oan. Oare yntinsivearjende bywurden kinne *wat* ek sa modifisearje. By sokken as *flink* en *aardich* kin *wat* lykas by *gâns* weilitten wurde (ferl. (31a)); by sokken as *hiel* en *moai* (*muoi*) is dat net mooglik (ferl. (31b)):

13 Yn it Beiersk (en oare súdlike fariëteiten fan it Dútsk) fynt men ferdûbeling fan it ûnbeskaat lidwurd mei yntinsivearjende bywurden lykas *ganz* (ferl. Merkle 1990, 89-90):

(i) à ganz à bràv à Hund 'in hiel brave hûn'

Yn it Heechdútsk fynt men *ganz* bytiden ek foar it ûnbeskaat lidwurd sûnder ferdûbeling:

(ii) ganz ein netter Typ 'in hiel aardige fint'

Sjuch foar in besprek fan dat ferskynsel ûnder oaren Kalluli & Rothmayr (2008). *Ganz* modifisearret yn it Dútsk lykwols in eigenskipswurd 'oer it lidwurd hinne', wat yn it Frysk net mooglik is (sj. par. 7, foarbyld (48a)).

- (31) a. flink / aardich (wat) boeken / jild
 b. hiel / moai *(wat) boeken / jild

Ik gean derfan út dat *wat* yn (*gâns* ensfh.) *wat boeken* in ûnbeskate determinearder (in ûnbeskaat lidwurd) is en dat it deselde posysje ynnimt as it ûnbeskate lidwurd *in*. Moolk ferhâldt it lidwurd *wat* him ta *in* lykas it ûnbeskate foarnamwurd *guon/wat* ta *ien* (ferl. J. Hoekstra 1987): *Ik ha in boek / wat boeken / wat jild krige - Ik ha ien/guon/wat krige*.¹⁴ Faaks is *wat* rein eksistinsjeel (d.w.s. tsjut it inkeld oan dat der eat fan it ien of oar yn it peteardomein is) en is it ûnderspesifisearre wat hoemannichte oanbelanget. Dat *wat* gjin iental oantsjutte kin, komt om't der al in lidwurd is dat dêr eksplisyt foar spesifisearre is, nammentlik *in*. De 'lytse hoemannichte'-betsjutting soe dan de default-wearde fan *wat* wêze kinne. Troch in bywurd fan hege graad lykas *gâns* kin dy default-wearde oan 'e kant skood wurde.¹⁵

Wat eigenaardichs bart der ek at *gâns* mei de kwantifisearjende haadwurdkloft *in bytsje* kombinearre wurdt; de lege graad-kwantifisearder *in bytsje* kriget yn kombinaasje mei *gâns* in hege graad-lêzing (ferl. (32a)). De útdrukking *gâns in bytsje* hat lykwols oars as *gâns wat* it karakter fan in

- 14 By it ûnbeskaat foarnamwurd ferdiele *guon* en *wat* it wurk: It ûnbeskaat foarnamwurd *wat* wurdt oars as it ûnbeskaat lidwurd *wat* inkeld foar stoffen brûkt; foar mear as ien ding wurdt *guon* te baat nommen. Der binne Fryskpraters dy't *guon* of in fariant dêrfan ek foar stoffen brûke kinne (*Wolst noch kofje? Nee, ik ha noch guods*). *Guon* kin yn it Frysk net mei bywurden lykas *gâns* kombinearre wurde en dan in grutte hoemannichte oantsjutte. By ferlykbere wurden yn oare talen is soks lykwols al mooglik. Ferlykje Fering-Öömrang (Noard-Frysk):

- (i) a. Ik haa **wat / högen** kääft
 'ik ha wat / guon kocht'
 b. Ik haa **aal wat / aal högen** kääft
 'Ik ha *gâns* [lett. 'al'] (wat) kocht'
 c. Ik haa **aal wat** sees / **aal hög** buken kääft
 'Ik ha *gâns* (wat) tsiis / *gâns* (wat) boeken kocht'

- 15 Yn it Dútsk kin *was* ek yn kombinaasje mei *ein bisschen* foarkomme:

- (i) a. **Ein bisschen was Zeit** haben wir ja noch
 'In bytsje tiid hawwe wy noch'
 b. Ich werde euch **ein bisschen was** aus meinem Leben erzählen
 'Ik sil jimme wat oer myn libben fertelle'

understatement; *gâns in bytsje* betsjut safolle as ‘frijwat’. It kin dêrom net (goed) foarkomme yn in sin lykas (32b) (ferlykje mei (21b)).¹⁶

- (32) a. Hy hat **gâns in bytsje boeken / jild**
b. ?*Hy wol letter **gâns in bytsje jild** fertsjinje

Itselde patroan as by *gâns* fynt men yn it Frysk ek by *frijwat*:

- (33) a. *frijwat* in stêd
b. *frijwat* Ø boeken
c. *frijwat* Ø jild

Mei telbere ientallige haadwurden betsjut *frijwat* sokssawat as ‘moai grut, wichtich ensfh.’, mei meartallige haadwurden en stofnammen ‘moai wat’.

Frijwat boeken/jild yn it Frysk hat in oare struktuer as *vrij wat boeken/geld* yn it Hollânsk. Yn it Frysk is it oaninoar skreaune *frijwat* ien kwantifisearder, dy’t foar it lege lidwurd stiet; yn it Hollânsk is *vrij* it bywurd fan graad en *wat* it ûnbeskate lidwurd.¹⁷ It leit yn ‘e reden dat Frysk *frijwat* troch weranalyze út *frij wat* ûntstien is.¹⁸ Dat **frijwat wat boeken/jild*, mei leksikalisearring fan it lege lidwurd troch *wat*, net mooglik is, kin faaks op in algemiene tendins smiten wurde om syntaktyske ferdûbeling te mijen (ferl. E. Hoekstra & Wolf 2004).

16 *Gâns in bytsje* kin behalven by haadwurden ek by eigenskipswurden en tiidwurden (*gâns in bytsje lytser, gâns in bytsje opknapt*) brûkt wurde (sj. WFT 2, s.v. *bytsje I*).

17 *Frijwat* kin yn it Frysk ek as bywurd foar eigenskipswurden brûkt wurde; yn it Hollânsk kin *vrij* soks ek, mar *vrij wat* net:

- (i) a. Hy is **frijwat** deun
b. Hij is **vrij** gierig
c.* Hij is **vrij wat** gierig

Boppedat kin *frijwat* yn it Frysk by tiidwurden stean, dat foar Hollânsk *vrij* en *vrij wat* alhiel útsletten is:

- (ii) a. Hy stammeret **frijwat**
b.* Hij stottert **vrij (wat)**

18 It Grinslânsk hat ek in bywurd/ûnbeskaat foarnamwurd *vrijwat* (ferl. Ter Laan 1952).

Frysk *gâns* en *frijwat* binne ek te ferlykjen mei Ingelsk *quite* ‘frijwat’ (ferl. Palacios Martínez 2009):¹⁹

- | | |
|------------------------------|---------------------|
| (34) a. quite a city | ‘gâns in stêd’ |
| b. quite some books | ‘gâns (wat) boeken’ |
| c. quite some money | ‘gâns (wat) jild’ |
| d. quite a bit / quite a few | ‘gâns in bytsje’ |

Lykas *gâns* en *frijwat* kin Ingelsk *quite* foar in ûnbeskate determinearder brûkt wurde (ferl. (34a-c)). Yn it Ingelsk moat by meartallige haadwurden en stofnammen ferplichte it swakke *some* brûkt wurde (yn ‘e literatuer somtiden oantsjut mei *sm*), dat ik lykas *wat yn gâns wat boeken* as in ûnbeskate determinearder (ûnbeskaat lidwurd) beskôgje (wat oars yn ‘e literatuer oer it Ingelsk ek gauris dien wurdt). Boppedat kin *quite* lykas *gâns* mei in haadwurdlike lege graad-kwantifisearder (*a bit/a few* ‘in bytsje’) foarkomme yn ‘e funksje fan in understatement (ferl. (34d)).²⁰

At *gâns* en *frijwat* by telbere ientallige haadwurden en by meartallige haadwurden en stofnammen yn ‘e selde syntaktyske konfiguraasje steane, dan is de fraach wêrom’t se yn it earste gefal in kwaliteit oantsjutte en yn it twadde kwantiteit. Dêr mear oer yn ‘e neikommende paragraaf.

6. Utroppende sinnen

Wat *gâns* en *frijwat* likegoed by telbere ientallige haadwurden as by meartallige haadwurden en stofnammen dogge, is in graad op in skaal útdrukke. Dat kin in skaal fan yntinsiteit of fan kwantiteit wêze (ferl. Doetjes 2008). Yn it earste gefal tsjut it bywurd de yntinsiteitsgraad oan, yn it oare de graad fan kwantiteit. Haadwurden kinne lykas eigenskipswurden en tiidwurden gradearber wêze. By telbere ientallige haadwurden kin allinnich de kwaliteit, d.w.s. de ynherinte gradearbere eigenskippen fan sokke haadwurden, modifisearre wurde troch it bywurd. By meartallige haadwurden of by net-telbere wurden, dy’t

19 En nammers ek mei Ingelsk *rather* (*rather a fool, rather some time, rather a bit*).

20 *Quite some* liket yn it Britsk Ingelsk gewoaner te wêzen as yn it Amerikaansk en Kanadeesk Ingelsk. Yn alle trije farianten komt it fierwei it meast foar mei it haadwurd *time*. Mei tank oan John Foulks foar de oanwizing en oan Uwe Voßberg foar in ûndersykje yn ‘e Ingelske korpora (BNC, ANC2, Stratley).

kumulative referinsje ha,²¹ kin de hoemannichte ek modifisearre wurde. It semantyske patroan dat wy by *gâns* en *frijwat* fine, oppenearret him faker yn it Frysk. Besjuch alderearst de útroppende sinnen yn (35) en (36):

- (35) a. Ik ha **in stêd** sjoen! (Alderraarst!)
 b. Hy hat (**in**) **boeken** kocht! (Alderraarst!)
 c. Hja hat (**in**) **jild** fertsjinne! (Alderraarst!)
- (36) a. **In stêd** dat ik sjoen ha!
 b. (**In**) **boeken** dat er kocht hat!
 c. (**In**) **jild** dat er fertsjinne hat!

Troch it brûken fan in útrop tsjut de sprekker oan dat it beklamme haadwurd op ien of oare wize ôfwykt fan in noarm. By telbere ientallige haadwurden is dat sa't it liket altiten in kwalitative noarm. Yn (35a) en (36a) wurdt in prototypyske eigenskip fan stêden (grut, wichtich, brûzand) beklamme. By meartallige haadwurden en stofnammen giet it gewoanwei om in kwantitative noarm. De gewoane ynterpretaasje fan (35b,c) en (36b,c) is dat it om in bûtenwenstige mannichte boeken of jild giet. By (35c) en (36c) is dat fanwegen de kollokaasje *jild fertsjinje* ek hast de iennichste mooglikheid. By (35b) en (36b) is in kwalitative ynterpretaasje (kostbere, tsjûke, aparte boeken) lykwols net útsletten. Dat dêrby in soad fan it oanbelangjende haadwurd en de kontekst ôfhinget, docht bliken oan (37):

- (37) a. Berber hat (**in**) **eagen**!
 b. (**In**) **eagen** dat Berber hat!

In kwantitative ynterpretaasje is hjir biologysk útsletten, dat sadwaande komt allinnich de kwalitative ynterpretaasje yn 'e beneaming. Foar meartallige haadwurden en stofnammen wurdt meast it ûnbeskate lidwurd *in* ynfoege, dat bûten dizze útroppende kontekst net by sokke haadwurden foarkomme kin. Yn 'e literatuer wurdt dat ilemint wol 'spurious *in*', d.w.s. 'sabeare *in*' neamd (Bennis, Corver & den Dikken 1998).

21 In útdrukking *U* hat kumulative referinsje at foar *x* en *y* jildt: at *x* as *U* beskreaun wurde kin en *y* kin as *U* beskreaun wurde, dan kin de somme fan *x* en *y* ek as *U* beskreaun wurde. *Boeken* en *jild* ha kumulative referinsje, want at men oan *boeken* en oan *jild* tafoeget, bliuwt it gehiel respektifyflik *boeken* en *jild*. At men lykwols oan *in boek* noch *in boek* tafoeget, is de somme net *in boek*. *In boek* hat dus net kumulative referinsje.

Wy obstrewearje in ferlykber patroan yn sinnen mei it útroppende *wat*:

- (38) a. Wat in stêd!
b. Wat in boeken!
c. Wat in jild!

Dêr is 'sabeare *in*' lykwols ferplichte oanwêzich.
Ferlykje ek sinnen mei it útroppende *hoe* of *sa*:²²

- (39) a. It is alderrarst, **hoe'n stêd** oft dat wurden is!
b. It is alderrarst, **hoe'n boeken** oft er kocht hat!
c. It is alderrarst, **hoe'n jild** oft er fertsjinne hat!
- (40) a. Wa hat ea **sa'n** stêd sjoen!
b. Wa hat ea **sa'n** boeken kocht!
c. Wa hat ea **sa'n jild** fertsjinne!

Dêr is *in* ('n) ek ferplichte. Foar guon sprekkers hawwe *hoe'n* en *sa'n* yn (39b) en (40b) inkeld de kwantitative ynterpretaasje; om in kwalitative ynterpretaasje te krijen, moatte *hokke* (*wat foar*) en *sokke* brûkt wurde. Lyksa kinne guon sprekkers *hoe'n* en *sa'n* yn sinnen lykas *It is alderrarst, hoe'n bier oft se dêr drinke!* en *Wa hat ea sa'n bier dronken!* ek mar allinnich kwantitatyf brûke en moatte se foar in kwalitatitive ynterpretaasje útwike nei *hok* (*wat foar*) en *sok*.

Dat *gâns* him in einhinne by de gefallen hjirboppe oanslút, docht net allinnich oan it betsjuttingspatroan bliken, mar ek oan it feit dat men by *gâns* sa't it liket ek in swakke oanstriid fynt ta it ynfogjen fan 'sabeare *in*' foar meartallige wurden en stofnammen.²³ Yn it WFT haw ik de neikommende foarbylden fûn (ien poëem en ien opjefte):²⁴

-
- 22 Yn 'e sinnen mei in ynbêde útroppende sin yn (39) is foar guon sprekkers njonken *hoe'n* ek *sa'n* mooglik, by (39b,c) faaks justjes better as by (39a). Yn (39b) kin *sa'n* inkeld in kwantitative ynterpretaasje hawwe, ek by sprekkers dy't by *hoe'n* in kwalitative ynterpretaasje talitte. Oer de analyze fan 'e wjergader fan *sa* yn 'e Westgermaanske talen (Dútsk *so/solch*, Ingelsk *so/such* ensfh.) bestiet frijwat literatuer, ûnder oaren Hole & Klumpp (2000), Wood (2002), Lenerz & Lohnstein (2004), Wood & Vikner (2011).
- 23 Siebren Dyk wiisde my derop dat der foar him by *frijwat* in selde oanstriid is. My heart sokssawat as *frijwat in hinnen* en *frijwat in drank* ek net sa raar yn 'e earen, mar ik ha der oant no ta yn 'e literatuer gjin foarbylden fan fine kinnen.
- 24 Fr. W. (1956) jout de útdrukking *gâns (in) geweld hawwe* mei in opsjoneel *in*.

- (41) a. Dy man hat **gâns in hinnen** (WFT 7, s.v. *gâns*)
b. Mei âld en nij wurdt **gâns in drank** oplipke
(WFT 16, s.v. *oplipkje*)

Faaks is *in* hjir as in fariant fan it opsjonele *wat* by *gâns* te sjen.²⁵ Hoewol't der oerienkomsten binne tusken *gâns* en de útroppende graadileminten dy't hjirboppe op it aljemint west hawwe, binne der ek in pear ferskillen. Wy ha al fêststeld dat *gâns* (en ek *frijwat*) sûnder lidwurd foar meartallige haadwurden en stofnammen foarkomme kin; dat kinne de oare ileminten net:

- (42) a. *gâns* (wat/?in) boeken
b. *frijwat* (*wat/?in) boeken
c. wat *(in) boeken!
d. sa*(n) boeken!

Boppedat hat *gâns* yn (42a) (en *frijwat* yn (42b)) inkeld in kwantitative ynterpretaasje, nea in kwalitativen-ien.

-
- 25 In nijsgjirrich patroan fynt men by Hollânsk *nogal* 'frijwat'. Dat kin mei ientallige telbere haadwurden kombinearre wurde, mar gewoanwei net direkt mei meartallige haadwurden en stofnammen; yn dat lêste gefal is *wat* ferplichte:

- (i) a. Hij heeft **nogal een neus**
b. Zij is **nogal een dame**
c. Hij heeft **nogal *(wat) boeken**
d. Zij verdient **nogal *(wat) geld**

Yn it Flaamsk binne lykwols *nogal boeken* en *nogal geld* wol mooglik en yn it Hollânsk liket der langer in oanstriid te wêzen om *nogal* ek mei 'spurious *een*' foar meartallige haadwurden en stofnammen te brûken. Ik haw yn it ynternet bygelyks foarbylden fûn lykas deselden yn (ii):

- (ii) a. Jaarlijks stikken er **nogal een mensen** in de graten van de vis
[<http://forum.vuurwerkcrew.nl/showthread.php?t=8669>]
(rieplachte op 24.06.11)
b. Dat heeft waarschijnlijk **nogal een geld** gekost!
[<http://forum.zappybaby.be/viewtopic.php?f=27&t=281001&start=100>]
(rieplachte op 24.06.11)

7. Evaluative haadwurden

Gâns foar ûnbeskaat lidwurd wykt ek ôf fan de oare graadileminten. Dat docht bliken, at men nei evaluative predikative haadwurdkloften sjucht. By de evaluative haadwurden yn (43) is *gâns* útsletten, wylst alle oare graadileminten (*frijwat* ek) mooglik binne. Boppedat kin dêr it lege graad-bywurd *in bytsje* of *wat* brûkt wurde.

- (43) a. *Hy is gâns in suertsje / sipel / healwizeling / smycht / macho
- b. Hy is frijwat in suertsje / sipel / healwizeling / smycht / macho
- c. Wat in suertsje / sipel / healwizeling / smycht / macho!
- d. Hy is in bytsje/wat in suertsje / sipel / healwizeling / smycht / macho

Der binne lykwols ek evaluative haadwurden dy't al mei *gâns* kombinearre wurde kinne. Ferlykje de foarbylden yn (44):²⁶

- (44) a. Hy is gâns / ?frijwat / *in bytsje in keardel
- b. Hy fielde him gâns / ?frijwat / *in bytsje in held
- c. Jan is gâns / frijwat / in bytsje in pommerant wurden
- d. Janke is gâns / frijwat / in bytsje in dame

Nijsgjirrich is no dat de evaluative haadwurden yn (44) ek mei it yntinsivearjende eigenskipswurd *hiel* kombinearre wurde kinne (ferl. (45)), wylst soks by de evaluative haadwurden yn (43) net mooglik is; dêrfoaroer kinne dy mei it yntinsivearjende eigenskipswurd *grut* kombinearre wurde (ferl. (46)).²⁷

- (45) a. Hy is gâns in keardel / in hiele keardel / *in grutte keardel
- b. Hy fielde him gâns in held / in hiele held / *in grutte held
- c. Jan is gâns in pommerant / in hiele pommerant / *in grutte pommerant wurden
- d. Janke is gâns in dame / in hiele dame / *in grutte dame

26 Dat *frijwat* en *in bytsje* net (goed) mooglik binne mei *keardel* en *held*, mar wol mei *pommerant* en *dame*, hinget moolk gear mei it feit dat de earste twa wurden ornaris absolút brûkt wurde, wylst de oare twa ek relativearre wurde kinne.

27 Oer eigenskipswurden fan grutte as modifisearders fan gradearbere haadwurden (*a big idiot*) sjuch Morzycki (2009). Yn 'e foarbylden yn (45) is *grut* fansels ynoarder, at it in net intinsivearjende, ekspressive betsjutting ('wichtich, ferneamd, foarnaam') hat.

- (46) Hy is *gâns in / *in hiele / in grutte sipel / healwizeling / smycht / macho²⁸

It ferskil tusken evaluative haadwurden yn (43) en (44) is sa't it liket dat de earsten negatyf wurdearjend binne en de lêsten yn prinsipe posityf wurdearjend (al kinne se fansels wol iroanysk brûkt wurde). Wêrom't dan yn it earste gefal *grut* en yn it oare *hiel* of *gâns* brûkt wurdt om in hege graad oan te tsjuten, is net alhiel dúdlik. Moolk wurdt *grut* by de positive wurden yn (44) as graadoantsjutting mijd, om't it dêr ek in ekspressive betsjutting ('wichtich, ferneamd, foarnaam') ha kin (ferl. ek fuotnoat 27). Hoe't dat ek wêze mei, men kin yn it ginneraal fêststelle dat *gâns* yn in haadwurdkloft mei in telber haadwurd foar it ûnbeskaat lidwurd stean kin, at en inkeld at it haadwurd ek mei yntinsivearjend hiel nei it lidwurd kombinearre wurde kin. Der bestiet mei oare wurden de neikommende korrelaasje:²⁹

- (47) *gâns* in N ↔ in hiele N

In ferskil dat dêr grif mei gearhinget is dat *gâns* gjin eigenskipswurd modifisearje kin 'oer it ûnbeskaat lidwurd hinne', wylst alle oare graadileminten dy't wy besjoen hawwe dat al kinne:³⁰

- (48) a. **gâns* in grutte stêd
 b. *frijwat* in grutte stêd
 c. *wat* in grutte stêd!
 d. in *bytsje* in eigenaardige fint

28 ?Hy is in *grut suertsje* komt my wat apart oan, sûnder mis om't *grut* net rjucht mei it (formele) ferlytsingswurd partueret. Foar oaren is dat sa't it liket gjin probleem; Willem Visser dielt my mei dat in *grut suertsje* by him sûnder wryt of slyt is. Ferlykje ek it neikommende sitaat:

(i) Do wist Hindrik, ik bin en bliuw fansels **in grut suertsje**
 [Doarpsnijs (*Dorpskrant voor Exmorra en Allingawier*), jg. 46, nr. 2070 (2009), s. 30]
 (www.doarpsnijs.net/6arch-11-2009.htm)

29 In útsûndering is de fêste ferbining *gâns* in *bytsje* 'frijwat' (*in *hiel* *bytsje*).
 30 Dútsk *ganz* kin in eigenskipswurd ek 'oer it ûnbeskaat lidwurd hinne' modifisearje, sa't wy yn fuotnoat 13 sjoen hawwe. Itselde jild foar Ingelsk *quite* (*quite a big city*) en *rather* (*rather a big city*).

Gâns foar it ûnbeskaat lidwurd korrelearret inkeld mei it yntinsivearjende *hiel* foar haadwurden, net mei it yntinsivearjende *hiel* foar eigenskipswurden.³¹

Der is ien eigenskipswurd dat *gâns* sa't it liket al 'oer it ûnbeskaat lidwurd hinne' modifisearje kin, nammentlik *oar*. Ferlykje:

- (49) a. Dat wie wer **gâns in oare oarde** as it Bildt [Ype Poortinga, *Elbrich II* 60 (1949)]
b. Doe kaem der daliiks **gâns in oare útdrukking** yn dat gesicht [Barend van der Veen, *Oerkommeling* 70 (1947)]
c. Dat is **gâns in oare oanpak** as it Bounsbestjoer en dr. Jansma yn earste ynstânsje foar eagen stie [*Lyts Ambyld*, Nû. 36 (2006, s. 16)]

De aparte status fan it eigenskipswurd *oar* soe gearhingje kinne mei it feit dat *in oar(e)* feitliks de negaasje is fan *sa'n* (ferl. J. Hoekstra 2000b). Yn it Halunder, it Noard-Fryske dialekt fan it eilân Hilgolân, wurdt 'oar' yn ûnbeskate haadwurdkloften werjûn mei it bywurd *uurs* 'oars' foar it ûnbeskaat lidwurd (ferl. Borchert & Århammer 1987, 95):

- (50) a. De uurn snakke **uurs en Spreek**
'De oaren prate in oare taal'
b. Wi wen **uurs Ø Tid'n**
'Wy krije oare tiden'

Soks soe der op wize kinne dat it eigenskipswurd *oar* ynterpretearre wurdt yn 'e posysje foar it lidwurd.

8. Strukturele analyse

Yn dizze paragraaf jou ik in tentative strukturele analyse fan haadwurdkloften mei *gâns*. Feitliks soe dat moatte yn it ramt fan in folle algemiener besprek fan de struktuer fan haadwurdkloften mei kwantifisearjende útdrukkingen. Soks falt lykwols bûten it bestek fan dit artikel, dat ik moat it hjir by in earste skets bliuwe litte. (Lêzers dy't gjin belang hawwe by dizze formele útwurking, kinne dizze paragraaf oerslaan en fuort nei de 'Einslutende opmerkingen' yn par. 9 gean.)

Yn 'e literatuer wurdt gauris oannommen dat der yn de haadwurdkloft

31 Noch yn it materiaal fan 'e Taaldatabank noch op it ynternet haw ik foarbylden fan it slach yn (48a) fine kinnen.

(D(eterminer)P(hrase)) twa posysjes foar kwantifisearders binne, in hegen ien, dy't ik hjir Q(uantifier)P₁ neame sil (ferl. Giusti 1991, 1997), en in legen ien, dy't hjir QP₂ neamd wurdt, mar dêr't yn 'e literatuer in grut ferskaat fan oare beneamingen foar bestiet (ferl. bygelyks Ritter's (1992) Num(ber)P, Lyons' (1999) Card(inality)P, Borer's (2005) #P en Svenonius' (2008) unitP). Yn 'e hege kwantifisearderposysje steane universele kwantifisearders lykas *al* en de partitive markearder *fan* (ferl. *Dat binne fan Obe Postma syn moaiste fersen*); ik nim oan dat *al* en *fan* de haadposysje fan QP₁ ynnimme. De hege QP is sa't it liket it domein fan universele en partitive kwantifikaasje. Dêrfoaroer fynt men eksistinsjele kwantifikaasje yn 'e lege QP. Yn 'e spesifisearderposysje fan QP₂ kinne bygelyks telwurden stean.³² Yn (51) jou ik in foarbyld dêr't beide kwantifisearderposysjes beset binne:

(51) [QP₁ Q [DP XP_{D'} D [QP₂ YP [Q' Q [NP]]]]]
 | | | | | |
 al de boer syn tweintich Ø hinnen

Yn 'e haadposysje fan QP₂ steane *in* (it ûnbeskate lidwurd *in* of 'sabeare *in*') of *wat*, of de posysje bliuwt leech:

(52) ... [QP₂ YP [Q' **in** / **wat** / Ø [NP]]]

De spesifisearderposysje fan QP₂ kin leech bliuwe (ferl. (53a)) of beset wurde troch graadoantsjuttende ileminten: telwurden (ferl. (53b)), kwantifisearjende bywurden (ferl. (53c)), kwantifisearjende haadwurdkloften (ferl. (53d)) en it útroppende foarnamwurd *wat* of in lege eksklamative operator (ferl. (53e)).

- (53) a. Ø in boek
 Ø wat boeken
 b. ien Ø boek
 ien sa'n boek³³
 njoggen Ø boeken

32 Telwurden kinne modifisearre wurde (bgl. *likernôch tweintich*), dat se moatte yn in posysje stean dêr't wurdkloften foarkomme kinne.

33 Ik nim oan dat de wurdjes *sa'n* en *hoe'n*, gearlûkingen fan *sa* en *hoe* mei it ûnbeskaat lidwurd, ek yn 'e haadposysje fan QP₂ steane. In gefal lykas *ien sa'n boek* liket dat út te wizen.

- c. *gâns* Ø/wat/?in boeken
 frijwat Ø boeken
 (net) folle Ø boeken
 rju Ø boeken
- d. in soad / in bytsje Ø boeken
gâns in bytsje Ø boeken
 de weareld Ø boeken
- e. wat in boeken!
 exclam (in) boeken!
 exclam hoe'n / sa'n boeken!

Yn 'e foarige paragraaf haw ik sjen litten dat der in korrelaasje bestiet tusken *gâns* foar in ûnbeskaat lidwurd en it yntinsivearjende hiel foar haadwurden (ferl. (47)). It yntinsivearjende eigenskipswurd hiel foar haadwurden wurdt sterk beklamme. Men soe oannimme kinne dat dat in oanwizing is dat it ynterpretatyf yn 'e spesifearderposysje fan QP₂ thúsheart, d.w.s. op it nivo fan 'e Logyske Foarm (dus kovert) dêrhinne ferskood wurdt.^{34, 35}

(54) ... [QP₂ [Q' in [hiele [NP stêd]]]

↑

Dan soe men by yntinsivearjend *gâns* foar it ûnbeskate lidwurd yn (55) overt de struktuer ha dy't men kovert yn (54) hat:

(55) ... [QP₂ *gâns* [Q' in [NP stêd]]]

34 Ferlykje dêrta bygelyks:

- (i) a. **Dat boek** haw ik mei nocht lêzen
- b. Ik haw **dat boek** mei nocht lêzen

De topikalisaasje fan *dat boek* kin útdrukt wurde troch (overt) foaropsetting of troch it te beklamjen (kovert foaropsetting).

35 It soe net it iennichste gefal wêze dat *hiel* in wider logysk berik hat as oft syn syntaktyske posysje oanjout. Ferlykje de neikommende foarbylden fan it saneamde polêre *hiel* (Den Dikken 2002):

- (i) No ha wy **de hiele taart / de hiele bern / hiele Goaitsen** fergetten
 = No ha wy de taart / de bern / Goaitsen alhiel fergetten

De fariaasje tusken (54) en (55) kin sûnder mis ferlike wurde mei oare gefallen dêr't in (bûgd) eigenskipswurd nei de beskate of ûnbeskate determinearder fariearret mei in (net-bûgd) bywurd foar de determinearder. Ferlykje de neikommende Hollânske en Fryske foarbylden:

- (56) a. de **hele** wereld / **heel** de wereld
 b. Ø **vele** boeken / **veel** Ø boeken
 c. In **bettere** bolle wie der net! /
Better Ø bolle wie der net!
 (ferl. Hoekstra 1999)

Dêr sil ik op dit plak lykwols net fierder op yngean.

9. Einlutende opmerkingen

Itfoargeande besprek fan yntinsivearjend/kwantifisearjend *gâns* yn it Frysk hat in stikmannich nijsgjirrige eigenskippen fan dat wurd oan it ljocht brocht en hat sjen litten hoe't it him ferhâldt ta oare graadoantsjuttende ileminten. De Fryske hege graad-kwantifisearder *gâns* 'frijwat, in soad' is in emfatysk posityf polêr ilemint. Syn retoaryske tsjinhinger is de lege graad-kwantifisearder *frijwat*, dat in understatement útdukt.

It wurd *gâns* hat de net ûngebrûklike grammatikalisearring fan kompletyf nei yntinsivearjend nei kwantifisearjend trochmakke (ferl. Spitzbardt 1959). It kwantifisearjende *gâns* 'frijwat, in soad' is sûnder mis troch weranalyse út it yntinsivearjende bywurd *gâns* ûntstien. Ferlykje:

- (56) ... dat er [_{VP} *gâns* [_{VP} (bier) dronken hat] >
 ... dat er [_{VP} [*gâns* (bier)] dronken hat]

Yn (56) wurdt in yntinsivearjend bywurd dat de tiidwurdkloft modifisearret weranalysearre as in kwantifisearder yn 'e haadwurdkloft dy't it objekt útmakket. Deselde ûntjouwing fan yntinsivearjend bywurd ta kwantifisearder moat ek by in stikmannich oare kwantifisearders yn it Frysk oannommen wurde (*aardich, flink, rju, jamk, ryklik*).³⁶ It liket der yn it ginneraal op dat der yn it Frysk in muoi sterke oanstriid west hat om nije kwantifisearders fan yntinsivearjende bywurden te foarmjen.

Ik ha sjen litten dat it eigenskip hat om oan te nimmen dat *gâns* 'frijwat, in soad' en *gâns* foar ûnbeskaat lidwurd ien en itselde ilemint binne en yn 'e selde syntaktyske konfiguraasje steane. Yn beide gefallen drukt it

36 Foar *jamk* sjuch J. Hoekstra (1998).

bywurd *gâns* in graad út, by ientallige telbere haadwurden op in skaal fan yntinsiteit, by meartallige haadwurden en stofnammen op in skaal fan hoemannichte. In ferlykber patroan fynt men by útroppende konstruksjes, dy't de konstruksje mei *gâns* faaks yn safier beynfloede ha dat yn dy lêste ek ta in hichte in 'sabeare *in*' mooglik is.

It gebrûk fan *gâns* foar ûnbeskaat lidwurd kin ynearsten troch in lyksoartige weranalyse as yn (56) ûntstien wêze yn 'e kontekst fan evaluative haadwurden (*gâns in keardel*) en doe nei oare haadwurden wreide ha. Yn paragraaf 7 hawwe wy sjoen dat der in korrelaasje is mei de konstruksje mei it yntinsivearjende eigenskipswurd hiel foar haadwurden (*in hiele N*). It is benammen dy spesifike korrelaasje dy't makket dat *gâns* foar ûnbeskaat lidwurd yn it Frysk der by ferlykbere graadoantsjuttende ileminten útkipt.

Literatuer

Belder, Marijke de (2009), 'On the distribution of pre-determiner universal quantifiers in Dutch', *Proceedings of the 39th meeting of the North East Linguistics Society*.

Bennis, Hans, Norbert Corver & Marcel den Dikken (1998), 'Predication in nominal phrases', *Journal of Comparative Germanic Linguistics* 1, s. 85-117.

Borchert, Mina, Ritva & Nils Århammar (1987), *Wi lear Halunder. Helgoländisches Lehrbuch*. Herausgegeben vom Verein zum Wiederaufbau des früheren Helgoländer Nordseemuseums e. V. Helgoland.

Borer, Hagit (2005), *In Name only*. Oxford University Press, Oxford.

Brøndum-Nielsen, Johannes (1957-1961), 'Blanding. 1. Problemet *ganske*', *Acta Philologica Scandinavica* XXIV, s. 68-73.

Dikken, Marcel den (2002), 'Direct and parasitic polarity item licensing', *Journal of Comparative Germanic Linguistics*: 5, s. 35-66.

Doetjes, Jenny (2008), 'Adjectives and degree modification', in: Louise McNally & Christopher Kennedy (bes.), *Adjectives and Adverbs. Syntax, Semantics, and Discourse*. Oxford University Press, Oxford, s. 123-155.

Giusti, Giuliana (1991), 'The categorial status of quantified nominals', *Linguistische Berichte* 136, s. 438-452.

Giusti, Giuliana (1997), 'The categorial status of determiners', yn: Liliane Haegeman (bes.), *The New Comparative Syntax*. Longman, London, s. 95-124.

Hansen, Aage (1956), 'Om ordet *'ganske'*', yn: L.L. Hammerich et al., *Festskrift til Christen Möller på 70-årsdagen 11. Juni 1956*, Borgen, København, s. 149-165.

Heidermanns, Frank (1993), *Etymologisches Wörterbuch der germanischen Primäradjektive*. De Gruyter, Berlin/New York.

- Hoekstra, Eric (1996), 'Veel of een bult: 'veel' als negatief-polair item in het Noordoosten', *Driemaandelijke Bladen* 48, s. 159-165.
- Hoekstra, Eric (2010), 'Oer folle en 'weinich' yn it Nijfrysk en it Midfrysk', *It Beaken* 72, s. 55-68.
- Hoekstra, Eric & Henk Wolf (2004), 'West hat, west is: it helptiidwurd fan it perfektum by 'wêze''. *Us Wurk* 53, s. 85-105.
- Hoekstra, Jarich (1987), 'Taalsnipels 28: *Guon, ien, wat, wa*', *Friesch Dagblad* 18-04-1987.
- Hoekstra, Jarich (1998), '*Iampck ist en iette iamcker wirtet mecke*: Jitris oer it komôf fan Nijfrysk *jamk*', *It Beaken* 60, s. 1-14.
- Hoekstra, Jarich (1999), 'Bare Comparatives in Frisian and the structure of quantified noun phrases'. Hs. Nordfriesische Wörterbuchstelle, Christian-Albrechts-Universität, Kiel.
- Hoekstra, Jarich (2000a), 'The West Frisian quantifier system and the "mass only" puzzle', yn: Helen de Hoop & Ton van der Wouden (bes.), *Linguistics in The Netherlands 2000*. Benjamins, Amsterdam/Philadelphia, s. 119-131.
- Hoekstra, Jarich (2000b), '*Sa en net oars of*: waar vergelijking en ontkenning elkaar ontmoeten', yn: *Samengevoegde woorden*. Voor Wim Klooster bij zijn afscheid als hoogleraar. Leerstoelgroep Nederlandse Taalkunde, Universiteit van Amsterdam, s. 135-144.
- Hofmann, Dietrich & Anne Tjerk Popkema (2008), *Altfriesisches Handwörterbuch*. Winter, Heidelberg.
- Hole, Daniel & Gerson Klumpp (2000), 'Definite type and indefinite token: the article son in Colloquial German', *Linguistische Berichte* 182, s. 231-244.
- Israel, Michael (1996), 'Polarity Sensitivity as Lexical Semantics', *Linguistics and Philosophy* 19, s. 619-666.
- Israel, Michael (1998), *The Rhetoric of Grammar: scalar reasoning and polarity sensitivity*. PhD Dissertation, U.C. San Diego.
- Kallulli, Dalina & Antonia Rothmayr (2008), 'The semantics and syntax of indefinite determiner doubling constructions in varieties of German', *Journal of Comparative Germanic Linguistics* 11, s. 95-136.
- Klein, Henny (1997), *Adverbs of Degree in Dutch*. Groninger Dissertations in Linguistics 21. Groningen.
- Laan, K. ter (1952), *Nieuw Groninger Woordenboek*. Wolters-Noordhoff, Groningen.
- Lenerz, Jürgen & Horst Lohnstein (2004), 'Nur so - Strukturaspekte der Vergleichskonstruktion', in: Franz Josef d'Avis (bes.), *Deutsche Syntax: Empirie und Theorie*. Acta Universitatis Gothoburgensis, s. 81-103.
- Lyons, Christopher (1999), *Definiteness*. Cambridge University Press, Cambridge.

- Meer, Geart van der (1988), 'It 'eafterheaksel' {SK} en it leksikon', yn: Siebren Dyk & Germen de Haan (bes.), *Wurdfoarried & wurdgrammatika. In bondel leksikale stúdzjes*. Fryske Akademy, Ljouwert, s. 121-135.
- Merkle, Ludwig (1990), *Bairische Grammatik*. Hugendubel, München.
- Mitzka, Walther (1970), 'Niederdeutsch ganz', yn: Dietrich Hofmann (bes.), *Gedenkschrift für William Foerste*. Böhlau, Köln/Wien, s. 319-326.
- Moltmann, Friederike (1997), *Parts and Wholes in Semantics*. Oxford University Press, Oxford/New York.
- Morzycki, Marcin (2009), 'Degree modification of gradable nouns: size adjectives and adnominal degree morphemes', *Natural Language Semantics* 17, s. 175-203.
- Palacios Martínez, Ignatio M. (2009), "'Quite Frankly, I'm Not Quite Sure That it is Quite the Right Colour.'" A Corpus-Based Study of the Syntax and Semantics of *Quite* in Present-Day English', *English Studies* 90, s. 180-213.
- Postma, Gertjan (1995), 'Over de interpretatieve samenhang van de kwantoren 'heel', 'veel', 'al'', *Tabu* 25, s. 185-189.
- Quirk, Randolph, Sidney Greenbaum, Geoffrey Leech & Jan Svartvik (1985), *A comprehensive grammar of the English language*. Longman, London.
- Ritter, Elizabeth (1992), 'Cross-linguistic evidence for Number Phrase', *Canadian Journal of Linguistics* 37, s. 197-218.
- Spitzbart, Harry (1959), 'Etymologysche Betrachtungen zu ne. 'heal, whole, holy'', *Lingua* 8, s. 65-77.
- Svenonius, Peter (2008), 'The position of adjectives and other phrasal modifiers in the decomposition of DP', yn: Louise McNally & Christopher Kennedy (bes.), *Adjectives and Adverbs. Syntax, Semantics, and Discourse*. Oxford University Press, Oxford, s. 16-42.
- Sytstra, O.H. & J.J. Hof (1925), *Nieuwe Friesche Spraakkunst*. Van der Velde, Leeuwarden.
- Tamminga, D. A. (1963), 'De fisk is farsk', yn: *Op 'e taelhelling I. Losse trochsneden fan Frysk taellibben*. Osinga, Boalsert, s. 227-230.
- Tamminga, D.A. (1973a), 'In soad minsken', yn: *Op 'e taelhelling II. Losse trochsneden fan Frysk taellibben*. Osinga, Boalsert, s. 10-12.
- Tamminga, D.A. (1973b), 'Folle net genôch', yn: *Op 'e taelhelling II. Losse trochsneden fan Frysk taellibben*. Osinga, Boalsert, s. 12-15.
- WFT = *Wurdboek fan de Fryske taal / Woordenboek der Friese taal*, Fryske Akademy, Ljouwert (1984-2011).
- WNT = M. de Vries, L.A. te Winkel et al., *Woordenboek der Nederlandsche Taal*. I-XXIX. M. Nijhoff/A.W. Sijthoff ensfh., 's-Gravenhage/Leiden ensfh. (1882-1998).
- Wood, Johanna L. (2002), 'Much about such', *Studia Linguistica* 56, s. 91-115.

Wood, Johanna L. & Sten Vikner (2011), 'Noun phrase structure and movement: A cross-linguistic comparison of *such/sâdan/solch* and *so/sâ/so*', in: Harry Perridon & Petra Sleeman (bes.), *The Noun Phrase in Romance and German: Structure, variation and change*. Benjamins, Amsterdam, s. 89-110.

